

# FRYSKE AKADEMY

*De Fryske Akademy is in multydisziplinêr ynstitút foar de geastes- en sosjale wittenskippen, dat him rjochtet op de kasmus Fryslân. De Akademy bestudearret prosessen yn it Frysk, meartaligens, skiednis en regionale identiteit yn it no en it ferline. As sadanich docht de Fryske Akademy fûneminteel en fernijend ûndersyk mei in direkt maatskiplik nut. De Akademy leveret fernijende wittenskiplike prestaasjes en ûntwikkelet digitale ûndersyks-ynstruminten en kolleksjes, dêr't er de Fryske kasmus foar it regionale, lanlike en ynternasjonale fuotljocht bringt. Dêrby wurket er gear mei ferskate nasjonale en ynternasjonale ynstituten. De Fryske Akademy is liearre oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) te Amsterdam.*

Foar de redaksje fan it Online Nederlânsk-Frysk Wurdboek sykje wy in

## Redaksje-assistint Online Nederlânsk-Frysk Wurdboek

( 0,5 fte / 19 oeren p/w)

### Taken

- it útfieren fan systematyske putten foar it online wurdboek
- korreksjewurk foar it online wurdboek
- alle foarkommend assistinsjewurk foar it online wurdboek

### Profyl

- in treflike skriftlike behearsking fan it Frysk hawwe
- goed omgean kinne mei digitale databasefoarsjenningen
- selsstannich opdrachten útfiere kinne
- goed sicht hawwe op gebrûksmooglikheden fan (digitale) wurdboeken
- in substansjeel part fan de oanstellingsdoer op it ynstitút wurkje kinne

## Oanstelling

Wy biede in tydlik tsjinstferbân oan dat sa gau as mooglik yngean kin en oant 1 jannewaris 2024 ta duorret.

Ofhinklik fan oplieding en wurkûnderfining is it salaris by in folslein tsjinstferbân op syn meast € 3.764,- smoarch yn 'e moanne (UFO-profyl ûndersyksmeiwurker nivo 3, skaal 8, cao Nederlandse Universiteiten), eksklusyf 8 % fakânsjeld en oan de ein fan it jier in útkearing fan 8,3 % fan it salaris.

It wurkplak is op de Fryske Academy.

## Ynljochtingen

Mear ynformaasje oer de funksjeynhâld is te krijen by Hindrik Sijens (058-2343055 / [hsijens@fryske-akademy.nl](mailto:hsijens@fryske-akademy.nl)) of Pieter Duijff (058-2343052 / [pduijff@fryske-akademy.nl](mailto:pduijff@fryske-akademy.nl)).

Website: [www.fryske-akademy.nl](http://www.fryske-akademy.nl)

## Sollisitaasje

Gadingmakers kinne in motivaasjebrief mei cv, oant 5 juni 2023 stjoere oan de hear Anne Mulder, HR-advisear: [wurkje@fryske-akademy.nl](mailto:wurkje@fryske-akademy.nl); û.f.f. 'redaksje-assistent ONFW'.



*Akwisysje nei oanlieding fan dizze fakatuere wurdt net op priis steld.*

“Binnen de Fryske Academy moat elkenien him thús fiele kinne en gelikense kânsen krije om him te ûntwikkeljen. Wy meitsje gjin ûnderskied op grûn fan geslacht, godstsjinst, aard, kulturele eftergrûn, nasjonaliteit, neurotype of lichaaamlike beheining. Wy stribje nei in wurkomjouwing dêr't wy gebrûk yn meitsje fan ús ferskillen om kreativiteit, ynnovaasje en talintûntwikkeling maksimaal te stimulearjen”.